

Sterke Froulju kwetsber yn 'Memmesiel'

„Heftich. Hiel heftich.” Sa neamt Ineke Kalteren fan Sterke Froulju it nije stik *Memmesiel* dat dizze moanne yn premjêre giet yn Ryptsjerk, it thúsplak fan it toanielselskip. Dêrnei folget in tournee fan twa jier troch Fryslân.

Toaniel

Ruurd Walinga

S a'n fiif jier ferlyn begûnen fjouwer froulju út Ryptsjerk en Tytsjerk mei harren toanielgroep. Alle jierren spilen se in nij Frysk stik en tûgen dêrnei troch de provinsje. Mei it nijste stik *Memmesiel* kin de groep twa jier foarút. It sit grôtfol mei optredens, fertelt Kalteren.

Mei de *Faginamonologen* en *Dus...hy sûpte* hawwe Sterke Froulju de ôfrûne jierren aardich wat yndruk efterlitten. It binne stikken dy't earne oer geane. Mei it nijste stik sil dat net oars wêze, ferwachtet Kalteren. Want it tema past hielendal by dizze tiid. Sa't de titel al seit, giet it oer de memmesiel: wat bart der mei jo as mem der noait is of krekt tefolle oanwêzich is?

It dekôr is in finzenis mei hjir- yn de fjouwer froulju dy't der as finzenen sitte. Kalteren spilet de

rol fan immen dy't der sit fanwege in hiel earnestich fergryp. „Ik bin net de noflikste. Elkenien is bang foar my. Ik bin hiel agressyf”, seit Kalteren.

Ek de oare froulju binne misdiedigers. Wat se presys útspoeke ha, dêr hawwe de froulju it net oer. Se hawwe it wol oer harren memmen. En se binne sels ek mem. Hoe't se dan dochs sokke ferkearde dingen dwaan koene? Kalteren: „Froulju libje hiel oars byinoar as mannen. Se narje elkoar oars as mannen; peste gemiener. It binne oangripen- de sênes.”

In tema as skuld en skamte komt nei foaren. De froulju stelle har hurd op, mar ek kwetsber. It is in stik dat nei fiif kertier yndruk efter lit op it publyk, mient Kalteren. Se foarmet Sterke Froulju mei Anja Epema, Jeltsje Joustra en Wytske Kooistra. Se kinne elkoar fan it doarp en hawwe allegearre alris spile yn it iepenloftspul fan Burgum. Yn 2010 kamen se op it idee om ek ris wat yn 'e wintermoannen te dwaan en sa



De fjouwer spilers fan Sterke Froulju as finzenen yn *Memmesiel*. Foto: Gerrit van der Sar

Wat bart der mei jo as mem der noait is of krekt te folle oanwêzich is?

waard Sterke Froulju berne.

Memmesiel is skreaun troch Anja Steegstra en wurdt regisseur troch Hans van Buuren, de fêste regisseur fan it selskip. Foar Steegstra is it de twadde kear dat sy in stik foar de froulju skreaun hat. Dêrfoar hat Bertus Klazinga yn opdracht skreaun.

Memmesiel giet op 16 oktober om 20.00 oere yn premjêre yn doarpshûs De Einekoer yn Ryptsjerk. No snein is de (besletten) try-out yn de Harmonie yn Ljouwert. Nei de premjêre rûnom yn de provinsje te sjen, sjoch www.sterkefroulju.nl